

Tekst: Peter Oosterman (Marnix Academie, Utrecht)
Oersetter: Douwe de Bildt (foarhinne skoalmaster)
Einredakteur: Janny Bottema

Ferjitsto ús?

De klasse is al leech as Zareb fan 't húske komt. Yn 'e fierte heart er it razen fan syn klasgenoaten dy't al op it skoalplein oan it boartsjen binne. Se hawwe harren bôle foar tusken de middei al op en dan meie se altyd nei bûten ta om te boartsjen. "Wat is 't hjir stil. Hearlik dy rêst!" tinkt Zareb. Sa lang is er noch net yn Nederlân en hy moat och sa wenne oan de bern en it leven dat se meitsje. Zareb is nammentlik berne yn Afrika. In pear moanne lyn is hy troch syn nije heitys ophelle. Yn it doarp dêr't Zareb berne is, wie slim hongersneed. Dêr binne tefolle minsken en der is te min iten. Yn in lyts hutsje libben syn âlden mei fiif bern. Krekt foar syn berte ferstoar de heit fan Zareb. Der kaam amper noch jild binnen en de mem fan Zareb koe net mear foar alle bern soargje. Al harren hungerige búkjes koene net mear sêd wurde. Mei grut fertriet hat se it beslút nommen om har bern ôf te stean. Oan âlden by wa't har bern gjin hunger mear hawwe soene en goed groeie kinne en sûn bliuwe. Zareb stiet stil yn de gong, docht syn eagen eefkes ticht en tinkt oan syn mem. Hy hâldt fan syn heiten. Se binne hiel leaf foar him en hy kriget it lekkerste iten. Mar hy mist syn mem en alle dagen sjocht hy har yn syn tinzen del kommen. Dan sjocht er dat moaie leave antlit. Zareb sykhellet djip en beslút de drokte yn te gean. Krekt op dat stuit heart er it lûd fan snokkerjen út it klaslokaal weikommen. "Dat is nuver. Alle bern binne dochs bûtendoar? Wa soe dat wêze kinne?" tinkt Zareb. Hy beslút it lokaal wer yn te rinnen. As hy op it lûd ôfgiet, sjocht er dat der in stik bôle ferstoppe leit. Op 'e grûn efter in kast. "In libben stik bole? Dream ik?" Zareb leaut syn eagen en earen net. Hy krijt it stik bôle op. Twa grutte wiete eagen sjogge him helpleas oan. "Help, ik fiel my sa raar," seit it stik bôle. Zareb knipperet in pear kear mei syn eagen, mar sjocht dochs echt de eagen en de mûle fan it stik bôle bewegen. "Wat is der oan 'e hân?" freget er gau. It stik bôle begint mei triljend lûd te fertellen wêr't er mei tangele sit. "Ik bin niiskrekt by it bôle-iten tusken de middei as in stik smoargens fuortsmiten. Oft ik neat wurdich bin. En dat bart hieltyd mei iten."

Wy wurde respektleas behannele. Bern wolle ús soms net iens oanreitsje. Se nimme in lyts hapke út ús en smite ús dan fuort. Dat is dochs skande? Bytiden hawwe se hielendal gjin sin oan ús om't der in plakje oan ús sit of wy sjogge der net lekker genôch út. Wy fiele ús sa nutteleas. Wy wolle de bern sa graach bliid meitsje. Lekker waarm yn harren búk belânje en harren sîn hâlde. Iten is nammentlik goed foar dy. It jout dyn lichem de enerzjy dy'tst noadich hast. Benammen op in drokke skoaldei ast in protte neitinke moastst en dwaande bist."

Zareb is it folslein iens mei it stik bôle en hy knikt. Hy wit as gjin oar hoe wichtich iten is. Hy is altyd tankber foar it iten dat er krijt en hy yt alle dagen alle bôle foar tusken de middei op. Hy wurdt ek fertrietlik as er sjocht dat it iten fan de oare bern faak yn it jiskefet belânet. Zareb rint mei it libbene stik bôle nei it jiskefet om te sjen wat der hjoed allegear fuortsmiten is. Boppenoan sjocht er in kers en in par lizzen. "Sjochst ús?" roppe se bliid. "Jawis!," ropt Zareb. Hy pakt menear kers en frou par út it jiskefet en set se beide op it libbene stik bôle yn it finsterbank. "Der is in hapke út myn holle nommen," seit menear kers. "Dêr kin ik wol wat oan dwaan," ropt Zareb entûsjast. Hy rint nei de poppehoeke en komt werom mei in lyts huodsje. "Sa, dy meisto ha," seit er en set it huodsje op de holle fan menear kers. Menear kers betanket him en hy sjocht der fuort al in stik fleuriger út. "Ik begryp net wêrom't ik yn it jiskefet belâne bin. Bespotlik!" ropt frou par. "Ik sjoch der dochs och sa lekker út?" Zareb begrypt der ek neat fan. "Hoe kinne wy de bern no oan 't ferstân bringe dat se better mei harren iten omgean moatte?" freget Zareb. Wy soene der mei harren oer prate kinne en harren tips jaan sadat se der tenei better om tinke. Zareb, menear kers en frou par fine dat in tige goed idee. Se prate optein oer wat se de bern allegear fertelle wolle. Zareb hat de tiid hielendal fergetten. Master Peter en de bern komme de gong al wer ynrinnen.

"Zareb, woesto net bûten boartsje?" freget master Peter. Zareb skodhollet. Hy freget oan master oft hy de bern wat fertelle mei en syn freontsjes oan harren foarstelle mei. "Fansels mei dat!" seit master Peter. Zareb hat it noch net earder oandoard om foar de klasse wat te fertellen, dêrom is master bliid mei syn foarstel. As alle bern teplak sitte, hellet Zareb it libbene stik bôle, menear kers en frou par foar 't ljocht. "Dit binne myn freontsjes," seit er en se begroetsje de groep.

De bern en master witte net wat se sjogge. De mûle falt harren iepen fan fernuvering. “Wy wolle jim wat fertelle oer hoe wichtich iten foar jimme is en dat jim der goed mei omgean moatte,” seit Zareb. Dêrnei fertelt er alles wat er mei it libbene stik bôle, menear kers en frou par besprutsen hat. De hiele klasse is mûsstil en elk harket mei sân pear earen. Master Peter is tige grutsk op syn klasse en is bliid. Mar hy genietet benammen om’t Zareb sa fleurich is. De les wurdt besletten mei wat tips:

- Nim wat minder iten mei nei skoalle ta ast it tusken de middei dochs net op kinst. Lis de stikjes bôle dan yn ’e friezer. Dan bliuwe se farsk en kinst se letter, as se ûnteid binne, noch opite.
- Bewarje it iten datst net opkinst foar in letter momint op de dei. Wa wit op wei nei hûs ta bygelyks, ast wer honger krigest. Dan komt it goed fan pas.
- Bewarje ek wat oerbliuwt. Dêr kinst letter soms noch hiele lekkere nije dingen fan meitsje. En do kinst de bisten der ek noch bliid mei meitsje. Sa kinst oerbleaune koarsten yn lytse stikjes skuorre en oan de fûgeltsjes jaan.
- Fruit dêr’t in plakje oan sit, of dat weak wurden is, kinst ek gewoan lekker yn in mikser dwaan. Dan kinst dêr hearlike ‘smooties’ en ‘shakes’ fan meitsje.
- Griende mei in plakje kinst sop fan meitsje of in stoofpotsje.

As Zareb, it libbene stik bôle, menear kers en frou par útpraat binne beginne de bern en master Peter entûsjast te hantsjeklappen. Allegear wolle se dan noch eefkes de freontsjes fan Zareb fan tichtby bewûnderje. De klas beslút om in poster te meitsjen mei alle wichtige ynformaasje en tips út de les. Yn de kommende wiken sille se dy ek oan de oare groepen op harren skoalle oanbiede.

Oan ’e ein fan de dei bliuwe de bern noch even hingjen yn de klasse. Se krije mar net genôch fan it libbene stik bôle, menear kers en frou par. Se meitsje de hiele dei de bern oan ’t laitsjen. Benammen menear kers, dy makket de bêste grappen. De bern nimme ôfskie fan de freontsjes en rinne nei it skoalplein dêr’t de âlden steane om harren op te heljen. Zareb triuwt it libbene stik bôle, menear kers en frou par yn syn bôletrompke en stekt dat feilich yn syn tas. Op it skoalplein steane syn heiten al te wachtsjen. Se jouwe him in dikke krûper.

“Jim leauwe noait wat ik hjoed meimakke ha,” seit Zareb en hy laket fan ear ta ear. It libbene stik bôle, menear kers en frou par falle ek by syn heiten yn 'e smaak. As ferrassing krije se de jûns harren nije wente te sjen. Yn de grutte friezer meie se lekker 'chille'. In pûde mei dopearten wurdt harren bêd. Sa bliuwe se goed en dan kin Zareb sa út en troch nochris eefkes mei harren prate as hy him wat allinne fielt en syn mem mist. Zareb sjocht foar it jûnsiten noch even by harren. “Alles goed?” freget hy. “Dat is wol wis!” roppe se alle trije yn koar. “Betanke foar alles, leave Zareb en yt lekker!” seit it libbene stik bôle, wylst er nei him knypeaget.

